

# MEI-INOAR WURKJE OAN WETTER, FOAR NO EN FOAR LETTER!

SAMEN WERKEN AAN  
WATER, VOOR NU EN LATER!

COALITIEAKKOORD  
2023 – 2027



# FOARWURD



# WAT FINE WY WICHTICH

'Mei-inoar wurkje oan wetter, foar no en foar letter'; dêr set dizze koälysje fan BBB, Water Natuurlijk Fryslân, FNP, PvdA, VVD, Geborgd Landbouw en Geborgd Natuur him de kommende fjouwer jier foar yn. De opjeften yn it wetterbehear binne grut. We wolle genôch swiet wetter fêsthâlde foar drûge perioaden, feilich wenjen bliuwe achter stevige diken, in goede wetterkwaliteit foar minske, plant en dier, in sûne boaiem dy't reinwetter bergje kin en in wettersysteem wêrmei't we wetteroerlêst troch flinke buien safolle mooglik beheine. Dy opjeften freegje dat wy op in dúdlike wize kieze hoe't wy ús behear-gebiet, Fryslân en in part fan it Grinzer Westerkwartier, no en yn de takomst ynrjochtsje en beheare wolle.

Dy kar meitsje wy yn oerlis mei de minsken dy't yn it gebiet wenje en wurkje. It giet ommers oer harren leefomjouwing en harren takomst. It is tiid foar oare polityk; sa lizze we de útslach fan de ferkiezingsen op 15 maart 2023 út. Polityk dy't him iepen opstelt, goed harket, tegearre mei belanghawwenden nei oplossingen siket, dúdlike kiest en dúdlik útleit wêrom wêrfoar keazen wurdt. Dat meie jo de kommende 4 jier fan ús ferwachtsje. Wy hawwe in profesjonele organisaasje efter ús stean om dêr mei útfiering oan te jaan. Wy freegje ek harren om in iepen hâlding nei de maatskippij, en om better sjen te litten hoe't belied en útfiering ta stân komme.

Wy fine it wichtich dat ús Wetterskip tichter op de mienskip wurkjen giet. Maatwurk rjochte op it gebiet, mei nochteren ferstân en lokaal sichtber en oansprekber; dat binne spearpunten yn ús programma. As bestjoer spylje wy dêryn in wichtige rol. Hoe dúdliker wy binne yn de kar dy't wy meitsje hoe better de professionals yn de organisaasje dêr útfiering oan jaan kinne. En hoe mear begryp der yn de maatskippij is foar ús wurk. Want mei in soad ferskillende belangen komme we der net ûnderút om lestige keuzes te meitsjen.

Mei alle opjeften sil it wetterbehear net goedkeaper wurde; dat is de realiteit. Allinnich troch bewust mei kosten om te gean, kinne we it wurk fan Wetterskip Fryslân betelber hâlde. Wy ferwachtsje dat it gebietsrjochte wurkjen dêryn helpt. Tagelyk moatte we mear alert wêze op subsydzjes en jildstreamen út Den Haag en Brussel. Foar in soad fan ús wurk is ekstra jild te finen. En mei ekstra jild kinne we ek better ús wurk kombinearje mei dat fan oaren, sadat ien plus ien trije wurdt. De hieltyd útdaagjender wetter-opjeften 'genôch, skjîn, feilich' reitsje hieltyd yndringender hoe't wy wenje, wurkje en libje. De kompleksiteit fan ús wurk nimt ta. It belang fan ús wurk nimt ta. De posysje fan it wetterskip yn 'e maatskippij groeit. Ynvestearje yn effektive oplossings, goede kommunikaasje, mei de maatskippij en yn diedkrêftige gearwurking fine wy dan ek essinsjeel. 'Mei-inoar wurkje oan wetter, foar no en foar letter!'

Alice van Gosliga  
Monique Plantinga  
Bert Vollema  
Henk Mulder  
Jelle Arjaans  
Frank Jorna  
Ids de Groot

Boer Burger Beweging  
Water Natuurlijk Fryslân  
Fryske Nasjonale Partij  
Partij van de Arbeid  
Geborgde zetels natuur  
Geborgde zetels ongebouwd  
Volkspartij voor Vrijheid en Democratie



# GEBIETS- RJOCHTE WURKJE





## GEBIETSRJOCHE WURKJE

Us wetterskip is fan en foar de maatskippij. Us wurk begjint by wat nedich is foar dy maatskippij. De iene kear is dat in konkrete fraach om peilwiziging, de oare kear giet it om taret te wêzen op klimaatferoaring. Wy brûke ús kennis en de ynformaasje oer it wettersysteem om praktyske oplossingen te finen, tegearre mei de belutsenen yn in gebiet. Dêrby lette wy ek op wat foar de takomst ferstannich is. Beliedsplannen en fyzjes helpe ús dêrby, as begjinpunt foar it petear en om ús ôfwaging helder te meitsjen.

Wetter is liedend yn ús wurk. Tagelyk wurdt it belang fan wetter yn de romtlike oardering en it enerzjy- en klimaatbelied hieltyd grutter. Dat ferwurdt de minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat ek yn de Ryksbrief 'Water en bodem sturend'. Us wurk kin dan ek net los sjoen wurde fan in breed maatskiplik bewustwêzen oer hoe't wy mei ús omjouwing omgean. Wy wurkje yn de gebieten dêrom nau gear mei provinsje en gemeenten, as ien oerheid. By plannen út wetterfeilichheid, -kwaliteit en -behear wei nimme wy de regy yn it (starten fan in) gebietsproses. Wannear't de provinsje of gemeente mei in gebietsproses úteinset, litte wy sa folle mooglik ús wetteropjeften meirinne.

Wy pakke fragen yn de maatskippij mei faasje en praktysk op. Wy soargje dat wy sichtber en oansprekber binne yn de gebieten, bygelyks mei in fysyk of digitaal 'loket'. Wy brûke ûnderfiningen en suksessen út it ferline, sawol fan ússels as fan oaren, om dêr tûke en dúdlike karren yn te meitsjen. Doel is om projekten gâns

flugger ferrinne te litten. Dêrby bliuwe wy kritysk op de taken fan Wetterskip Fryslân. Wannear't in opjefte (mei) út in breed maatskiplik belang komt, tink oan fraachstikken oer klimaatferoaring, sil ek de finansiering (mei) troch oaren barre moatte. Wy kommunisearje op 'e tiid en dúdlik oer de (finansjele) ynbring fan Wetterskip Fryslân. As wy sels de regy hawwe, sille wy wêr nedich sykje nei oanfoljende finansiering, sadat wy ek ús eigen wurk yn gearhing mei de bredere opjefte mei faasje dwaan bliuwe kinne. Dêr heart by dat wy skerper yn byld bringe wat ús eigen (grûn-)besit is, en hoe't dat bydrage kin oan de ferskate doelen.

Wy wolle maksimaal oanslute by de inisjativen dy't der binnen in gebiet binne en sykje nei kânsen foar gearwurking. Dat wol net sizze dat alles kin. Wy hawwe te krijen mei ramten fan it Ryk en/of de provinsje en sille yn alle iepenheid de ôfwaging meitsje. Wy stimulearje de belutsenens fan minsken, bedriuwen en organisaasjes by ús wettertaken. Dat fariearret fan pilots foar selsbehear oant (maatskiplike) staazjes. Wy binne net benaud foar ynnovaasjes yn wurkfoarmen en rollen, salang't wy mar transparant wurkje en evaluearjen bliuwe.

Yn it foar jouwe wy dúdlikens oer wat wol en net mooglik is en oer elk syn rol. Dêrby folgje wy it resint fêststelde partisipaasjebelied. Wy sille in neiere ôfwaging meitsje yn 'e balâns tusken it bieden fan dúdlikens en it romte jaan oan inisjativen. Sjoch de 'Casus Holwerd aan Zee'. Ut ús ferantwurdlikheid wei hâlde wy skerp WAT der barre moat. It HOE en WANNEAR bepale wy as oerheden en belutsenen mei-inoar.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

1. Wy soargje foar in dúdlik oansprekpunt yn elk gebiet om sichtber en oansprekber te wêzen
2. Ek as bestjoersleden binne wy oansprekber op transparânsje en kommunikaasje
3. Wy yntinsivearje de gearwurking mei provinsje en gemeenten mei klam op it hanneljen as ien oerheid
4. Wy wurkje gebietsrjochte yn behear/ûnderhâld, projekten en plannen
5. Wy soargje foar aktueel ynsjoch yn de tastân, finansjele wearde en maatskiplike betsjutting fan ús besittingen (gebouwen en grûnen )
6. Yn gebietsprosessen mei in grutte wetteropjefte nimme wy inisjatyf en rezjy
7. Wy sykje safolle mooglik nei kânsen op gearwurking en oanfoljende finansiering
8. Fia ûndersyk en lobby kreëarje wy safolle mooglik romte foar maatwurk
9. Us ynset is de trochrintiid fan ús projekten te ferkoartsjen
10. By inisjativen fan tredde meitsje wy op 'e tiid dúdlik wat ús rol is
11. Wy fiere winsken en ideeën fan tredde út as dat yn tiid en jild past
12. Wy eksperimintearje mei foarmen om minsken by ús wurk te belûken of selsbehear te jaan



# WETTERSKIP FRYSLÂN AS WETTER- AUTORITEIT





## WETTERSKIP FRYSLÂN AS WATERAUTORITEIT

Yn heech tempo ûntwikkelje de wetterskippen yn Nederlân har ta 'wetterautoriteit'. De Ryksbrief 'Water en bodem sturend' makket dúdlik dat de rol fan de wetterskippen mear stjoerend wurdt. Troch klimaatferoaring nimt de kâns op wetteroerlêst, drûchte(skeal) en hittestress ta. Dat hat wer hydrologyske, ekologyske en sosjaalekonomyske gefolgen, ek foar it Fryske wetter- en boaiemsysteem. No al sjogge belanghawwenden Wetterskip Fryslân as de wetterautoriteit en ferwachtsje se fyzje en liiderskip - sjoch it reputaasjeûndersyk dat ein 2022 presintearre is. Wy sille de oanbefellings út dat rapport opfolgje.

Wy folje dy rol as wetterautoriteit graach en mei krêft yn. Dêr heart by dat we fanút ús saakkundigens it petear opsykje mei ús stakeholders en kollega-oerheden oer in feilige en duorsume wize fan libjen mei wetter. Wy dogge dat út de ramten wei dy't lanlik en provinsjaal meijûn wurde (NOVEX, FPLG – sjoch skematysk werjûn op pag.14). Wy leverje dêr de nedige boustiennen foar oan fia ús eigen Lange termyn aginda 2035 en de mei de provinsje fêst te stellen fisy Fryslân klimaatbestindich 2050 +. Wy meitsje dat yn de kommende bestjoersperiode konkreet yn in útfieringsprogramma.

Yn praktyske sin jouwe wy der al ynfolling oan binnen it Frysk Bestjoersakkoart Wetter en Klimaat (FBWK),

mei omtinken foar de klimaatbestindigens fan sawol nij as besteand beboud gebiet. Troch yntiids it belang fan takomstich wetterbehear te bepraten, wolle wy ferrassingen yn de kosten fan it wetterbehear tefoaren komme. Sa bliuwe wy dúdlik yn ús stânpunt oer delfstofwinning: wy binne tsjin elke oanfraach dy't liedt ta in fluggere delgong fan de boaiem en sille mei klam alle (ferfolch)skea yn rekken bringe by dejinge dy't dochs plannen trochset.

Yn opfolging fan de Ryksbrief 'Water en bodem sturend' sille wy ús fia de Unie van Waterschappen hurd meitsje foar in tvingend karakter fan de Wettertoets, as ynstrumint om effektyf stjoere te kinnen op goed wetterbehear.

Wy binne ús bewust fan ús eigen ympakt op de klimaatferoaring en bliuwe ynsetten op it ferminderjen fan it enerzjyferbrûk en safolle mooglik sirkulêr wurkjen. Wy jouwe yn de kommende perioade fierder ynfolling oan de besteande doelstellings foar Wetterskip Fryslân – enerzjyneutraal 2025, klimaatneutraal 2030 en sirkulêr 2050. It klimaatprogramma dat fêststeld is yn 2022 biedt dêrby in dúdlik bestjoerlik draachflak en doel. Wy sille dat oersetten nei praktyske en útfierbere maatregels, sawol binnen ús eigen wurk as yn it wurk dat wy útbesteege.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

13. Us kennis en ynformaasje oer it wettersysteem binne beskikber foar de mienskip
14. Wy fiere de enerzjy- en duorsumensmaatregels út ús klimaatprogramma út en hantearje de útgongspunten foar al ús wurk
15. Wy aktualisearje ús klimaatprogramma alle maitiids, basearre op de fuortgong en de lêste ynsichten, en sette it yn as boustien foar de Ramtbrief
16. Yn 2024 wurkje wy de fisy Fryslân klimaatbestindich 2050 + út yn in útfieringsplan
17. By ferfanging fan assets meitsje we dizze sa folle mooglik enerzjyneutraal mei mooglikheden foar de omjouwing om dêr op oan te sluten
18. Wy sette de gearwurking yn it Frysk bestjoersakkoart Wetter en Klimaat fuort mei it fuortsterkjen fan de oandacht foar de beboude gebieten
19. Wy advisearje negatyf oer it winnen fan mineralen dy't liedt ta earder optredende boaiemdelgong
20. Fia lobby sette wy yn op in tvingend karakter fan de Wettertoets
21. Wy sette it besteande klimaatprogramma foar Wetterskip Fryslân oer nei praktyske en útfierbere maatregels



# DUORSUM SWIET- WETTER- BEHEAR





## DUORSUM SWIETWETTERBEHEAR

Wy sette wy yn op it fêsthâlden fan mear swiet wetter en it ferstannich brûken fan wetter út de Iselmar. It wetter-behearprogramma 2022-2027 en de nota Peilbeleid (2022) foarmje mei-inoar ús paadwizer foar it wetter-behear yn dizze bestjoersperioade. Wy aktualisearje dat programma en belied op basis fan de ynkoarten fêst te stellen fyzjes Frysk Programma Landelijk Gebied en Fryslân Klimaatbestendig 2050+ lâns de line dy't wy yn dit bestjoersakkoart útinoarsette.

Wetter is fan grut belang foar de produksje fan iten en natuer. De lanlike en provinsjale soarch foar fiedsel-wissichheid en natuerbehâld betsjut dat alle oerheden yn Fryslân ynsette op in duorsum behâld fan de lânbou-grûn en natuergebieten. Us wetterbehear is dêryn stypjend en folget de ûntjouwingen.

Oanslutend op ús wetter- en boaiemstruktuer ferdiele wy Fryslân yn fjouwer gebieten: Waad, klaai, fean en sân. Elk fan dy gebieten hat syn eigen fysike skaaimerken, opjeften en sosjaalekonomyske gearstalling. Ek it wetterbehear ferskilt per gebiet. Mei gebietsrjochte wurkjen jouwe wy dêr op maat ynfolging oan, mei behâld fan de gearhing yn it wettersysteem. Keuzes yn it feangebiet hawwe ympakt op it sângebiet of klaaigebiet bygelyks. De fisy Fryslân Klimaatbestendig 2050 + bringt dy gearhing yn byld en biedt sa hâldfêst foar de neiere karren per gebiet.

Op de hege **sângrûnen** stimulearje wy alle belutsenen om safolle mooglik wetter fêst te hâlden en passe wy ek sels it wettersysteem dêr safolle mooglik op oan. Dêrmei foarkomme we dat we yn leechlizzende gebieten

tefolle wetter krije dat we fuortpompe moatte, en kinne we ophâlde mei it werom omheech pompen by drûchte. Wy stimulearje inisjativen dy't rjochte binne op it fêsthâlden fan wetter. Tagelyk moatte wy in beskate mjitte fan ferdrûging akseptearje. Mei belutsenen gean we yn petear oer wêr en wannear't dat it bêste kin.

Ek yn it **klaaigebiet** wolle we mear swiet wetter fêsthâlde, as buffer om it proses fan fersilting te fertraagjen. In taname fan it sâlter wurden is net foar te kommen, dat soe ûnevenredich hege maatskiplike kosten fergje. Wy jouwe de grûneigeners/behearders de tiid om har bedriuwsfiering op fersâlting oan te passen. Underwilens kinne wy ús kennis oer fersilting en fersiltingsmaatregels útbouwe en rjochte ynsette. Wy sille krewearje foar in Rykssubsydjeregeling oangeande de fersiltingsoanpak.


Foar it **feangebiet** hawwe wy yn 'e mande mei provinsje, gemeenten, lânbou, natuer en ynweners wurke oan it Feangreideprogramma 2021 -2030. Dêr jouwe wy as dielnimmer yn de gebietskommisjes mei faasje útfiering oan. Spesifyk hâlde wy fêst oan it útgongspunt fan it Fryske feangreideprogramma oangeande de trochsneed grûnwetterstân: fan -0,40 sm ûnder it meanfjild foar perselen mei in lânboufunksje of heger/leger dêr't dat kin (HAKLAM ). Yn 'e mande mei de oare belutsenen hâlde wy it Feangreideprogramma aktueel. Dat dogge wy troch maatregels te monitoarjen en te evaluatearjen, mar ek troch nije fyzjes en beliedsramten (tink oan FPLG) oer te setten nei útfiering yn it feangebiet. Ynstek is om út de lanlike en provinsjale ramten wei oanfoljende finansiering te finen, dêr't wy earder útfiering mei jaan kinne oan it programma. Sadree't it kin, fertale wy ek de ôfspraken foar it feangebiet nei de nota Peilbeleid.

Foar de **Fryske boezem** sette wy it dynamysk peilbehear troch en wreidzje dat út. Yn drûge perioaden kieze wy in heger peil om mear wetter fêst te hâlden of reidgroei te befoarderjen. Yn wiete perioaden stelle wy it peil leger yn om mear delslach opfange te kinnen. Foar it peilbehear op lange termyn sjogge wy nei de nijste KNMI-senario's (ein 2023 ). Op basis dêrfan stelle wy dizze bestjoersperioade in nij boezemplan op en beoardielje wy nut en needsaak fan ien of mear ekstra seegemalen. Dy beoardieling meitsje wy breder as allinnich út wetterkapasiteit wei en dogge wy yn ôfstimming mei ús kollega's fan wetterskip Noorderzijlvest en oare belutsenen.

## KASUS HOLWERT OAN SEE

Dizze kasje jout ynsjoch yn de wize hoe't wy romte biede oan inisjativen en tagelyk dúdlikens biede yn ús rol. It projekt Holwert oan See is as boargerinisjatyf ûntstien yn 2013. Fanút de mooglikheid dit te kombinearjen mei de dykfersterking yn it gebiet, is Wetterskip Fryslân yn 2019 streekrjocht meidwaan gien, tegearre mei oare oerheden. Hieltyd is de relaasje mei ús taak yn de dykfersterking dúdlik makke en de betingsten dy't dêrút folgje. Yn 2022 oardiele it bestjoer fan Wetterskip Fryslân dat it inisjatyf net genôch hâldfêst bea foar goede ôfspraken oer eigendom, behear en ûnderhâld. Om dúdlikheid te bieden hat it bestjoer doe besletten in stap werom te setten, en it inisjatyf fia de provinsje fierder te folgjen. Mocht de situaasje op in letter momint feroarje, makket Wetterskip Fryslân in nije ôfwaging.





## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

22. Mei ús peilbehear drage wy by oan in duorsum behâld fan lânbougrûn en natuergebieten
23. Yn 2024 aktualisearje wy it Wetterbehearprogramma 2022 -2027 en de nota Peilbelied
24. Wy hâlde wetter op de hege sângrûnen safolle mooglik fêst en stimulearje inisjativen dêrta
25. Yn ôfstimming mei belutsenen yn it gebiet kreëarje wy mear bufferromte foar wetter
26. Fia lobby wolle wy in Rykssubsydzjeregeling fersiltingsoanpak foarinoar krije
27. Wy jouwe earder útfiering oan it fêststelde útfieringsprogramma feangreide en stelle maatregels by op basis fan troch rinnende evaluaasje
28. Fia lobby sykje wy eksterne middels foar oanpak feangreideproblematyk
29. Wy jouwe oant en mei 2027 útfiering oan de oanpak fundearingsproblematyk konfoarm oannommen moasjes yn it feangreidegebiet en sille dêrnei de oanpak evaluearje
30. Wy wreidzje it dynamysk peilbehear foar de Fryske boezem út. Yn 2024 stelle wy in nij boezemplan op en beoardielje wy nut en needsaak fan ien of mear ekstra seegemalen





## OANPAK FUNDEARRINGS- PROBLEMATYK FEANGREIDEGBIET

Yn 'e mande mei provinsje en gemeenten sette wy oant en mei 2027 de oanpak fan de fundearringsproblematyk yn it feangebiet troch. Mei-inoar komme wy op koarte termyn mei in Frysk fundearringsloket, subsydzje foar fundearringsûndersyk en begelieding by it meitsjen fan in herstelplan. Wy dogge in berop op it Ryk om mei strukturele (finansjele) oplossings te kommen, ûnder oare troch it lanlike Fonds Duurzaam Funderingsherstel breder tagonklik te meitsjen en troch middels fia it FPLG beskikber te stellen. Ek soargje wy – yn line mei de yn 2022 oanfurdige moasjes – foar in subsydzjeregeling foar fundearringswerstel en in oplossing foar de saneamde 'koade-readwenten' en bysûndere situaasjes. Yn 'e mande mei de provinsje en gemeenten soargje wy derfoar dat der in dúdlik, klimaatbestindich takomstperspektyf foar it gebiet is, dêr't belutsenen de romte yn krije en hâlde om eigen plannen te meitsjen.



# SKJIN WETTER



## SKJIN WETTER

De Europeeske Kader Richtlijn Water (KRW) stelt noarmen oan ús wetterkwaliteit. As behandler fan it wetter binne wy wetlik ferplichte om de nedige maatregels te nimmen dêr't dy kwaliteit yn 2027 mei helle wurdt. Yn de ôfrûne twa bestjoersperioden binne dêr de nedige maatregels foar bepaald en útfierd of yn gong set. We ha in soad berikt yn it ferbetterjen fan de wetterkwaliteit. Hieltyd mear wurdt dúdlik dat net alle oarspronklik stelde noarmen foar 2027 helber of realistysk binne. Wy fersnelle en yntinsivearje wêr mooglik.

De kommende jierren wurdt it effekt fan eardere maatregels hieltyd dúdliker. Wy fine it belangryk foaral hjir it aksint op te lizzen. It resultaat fan alle KRW-maatregels moat wêze dat de wetterkwaliteit en de ekologyske situaasje fan it wetter yn Fryslân ferbetteret. Dat hat ek in posityf effekt op de gebrûkswearde fan it wetter foar de lânbou, natuer en de rekreative en ekonomyske wearde troch it realisearjen fan goed swim-, far- en fiskwetter.

Yn 2021 is fêststeld wat in foar Wetterskip Fryslân 'útfierber en realistysk' pakket oan maatregels is – it saneamde prioritêre pakket-. Wy hâlde ús oan de Europeeske noarmen. Dêrby wie yn byld brocht wat in maksimaal pakket wêze soe, mei de nedige kanttekeningen oer útfierberens (finansjeel en persoanjel) en effektiviteit. Mei it prioritêre pakket is keazen foar 'dwaan wat mooglik is'. Yn 'e kommende perioade wolle we de ynsette koers ôfronde. Wy evaluearje it maatregelpakket en de effekten ein

2024 of sa folle earder as mooglik is. Wy meitsje nije ôfspraken mei de lânbousektor yn it ferfok op it Deltaprogramma Agrarisch Waterbeheer en it suksesfolle projekt Convenant Erfafspoeling en sette yn op útwreiding fan it konvenant rjochting it bedriuwslibben. De mienskiplike oanpak moat liede ta in fikse reduksje fan de nutriïnte-emisje. Wy sille de fuortgong dêrfan monitoarje en wêr nedich bystjoere. Mei gemeenten prate wy konkrete doelen ôf foar it ôfkeppeljen fan reinwetter en it ferwiderjen fan rioolerstoarten. Wy sette de kampanje troch om safolle mooglik medisynresten yn it rioelwetter foar te kommen. Mei dizze maatregels fersnelle wy it tebekkringen fan emisjes.

Mei behearers fan natuergebieten sille we neier op syk nei de bydrage fan natuergebieten oan de wetterkwaliteit en mooglikheden dêr fersterking yn te finen. En we sille sterker ynsette op it tsjingeane fan fersmoarging troch de rekreaasjeferoart. Wy dogge dat lâns trije linen: foarljochting oan belutsenen, lobby yn Den Haach rjochte op bettere hanthavening en it fersyk oan provinsje en gemeenten om mear ynsammelpunten te realisearjen. Maatwurk stiet by ús foarop.

Oare maatregels wersjogge wy as op basis fan monitoaring en evaluaasje bliken docht dat se net folle bydrage. Fia de monitoring besykje wy ek in byld te krijen fan de ynfloed fan de resint ynstelde bufferônes op de wetterkwaliteit. Wy sille kasuïstyk oer ûnhelbere doelen en net effektive maatregels kenber meitsje yn Den Haach en Brussel. Sa foldocht it Nannewiid op in pear ûnderdielen net oan de stelde noarmen, nettsjinsteande de troch ús nommen maksimale maatregels.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

31. Wy wurkje fierder neffens it fêststelde Útfieringsplan KRW wêrby't wy:
  - › De útfierde en noch plande maatregels sa gau mooglik evaluearje
  - › It effekt fan maatregels monitoarjen bliuwe, ek yn relaasje ta nije ûntwikkelingen as de buffersônes
  - › Ut in kosten-batenoanpak de effektiviteit fan maatregels beoardielje en sa nedich skrasse
  - › Mei behearers fan natuergebieten op syk gean nei de bydrage dy't natuergebieten leverje kinne oan de wetterkwaliteit
32. Wy fersnelle en yntinsivearje:
  - › It werombringen fan erfôfspieling fia advys en foarljochting
  - › Ofspraken mei gemeenten oer it ôfkeppeljen fan reinwetter en ferwiderjen fan rioolerstoarten
  - › Foarljochting om medisynresten foar te kommen yn it rioelwetter
33. Yn gearwurking mei ryk en provinsje sille wy:
  - › De ein-efaluaasje 2027 tariede
  - › Dêryn benammen omtinken besteegje oan wat wol helle is
  - › Underbouwe hokker lanlike doelen net helber binne
  - › Sykje nei oanfoljende eksterne finansiering foar de útfiering KRW
  - › Sykje nei wetlike ramten om better hanthavenje te kinnen op loazingen rekreaasjeferoart
34. Provinsje en gemeenten sprekke wy oan op:
  - › It fieren fan in kampanje boarne oanpak leazjende rekreaasjeferoart
  - › It beskikber hawwen en hâlden fan in goed netwurk oan ynsammelpunten smoarchwetter rekreaasjeferoart



# SUVERINGEN



## SUVERINGEN

Mei ús suveringstaak drage wy by oan de wetterkwaliteit en kinne wy bydrage oan de doelen op it mêd fan enerzjy, klimaat en sirkulêre ekonomy. De easken en ferwachtingen út de maatskippij wei binne dêrby heech. Sa stelt de 'herziene nije Europeeske Richtlijn stedsk ôffalwetter' fiergeande easken oan it suveringsproses en is grutte belangstelling foar it winnen fan gas en grûnstoffen út it suveringsproses. Dit is by útstek in wurkfjild dêr't technologyske ynnovaasjes fan grutte betsjutting binne. It is ek in wurkfjild dêr't wy fanwegen de djoere ynstallaasjes nau yn gearwurkje moatte mei oare wetterskippen en merkpartijen.

De leeftiid en tastân fan ús suveringen spilet dêr sawol posityf as negatyf yn mei. Wy sille fiks ynvestearje moatte om de suveringstaak goed en effektyf útfiere te bliuwen. Dit leit in claim op ús middels dy't de mooglikheden foar nije ympulzen lytser makket. Tagelyk lizze der kânsen om wurk mei wurk te meitsjen en de needsaaklike herynvestearring oan te gripen foar fierdergeande ferduorsuming en kwaliteitsferheging. Suveringswetter befettet net allinnich enerzjy (aqua-thermie), mar ek weardefolle grûnstoffen lykas fosfaat en bioplastics. De rioelwettersuveringsynstallaasje (rwzi) fan de takomst is net allinnich in suvering, it is ek in enerzjy- en grûnstoffefabryk.

Dêrom is it nedich om yn 2025 in fyzje fêst te stellen oer de takomst fan de wetterketen en yn it bysûnder de rwzi's. Yn dy fyzje jouwe wy ek in antwurd op de needsaak fan oanpak fersmoarging oan de boarne, ôfkeppelingsmooglikheden, de needsaak fan ekstra suveringsstappen en it weromwinnen fan grûnstoffen út ôffalwetter.

Foar de koarte termyn sette we ekstra yn op previnsje. In grut part dêrfan bart as ûnderdiel fan ús ynspanningen foar de Europeeske Kader Richtlijn Water (hiem-ôfspieling, rioeloerstoarten).

Dêrneist fergrutsje wy ús ynset op it foarkommen fan medisynresten (boarneoanpak) yn it rioelwetter fia foarljochting en gearwurking. Wy sette ús gearwurking mei oare wetterskippen troch yn proefprojekten om sa folle mooglik stoffen út it rioelwetter te heljen. It leafst as grûnstof foar nije tapassingen.

By de oanbesteging fan de slibferwurking kieze wy foar de opdrachtfolger dy't de bêste resultaten leveret op it mêd fan grûnstofweromwinning en miljeu. Mei oare wetterskippen en maatskiplike partners sykje wy nei oanfoljende finansieringsboarnen foar ús suveringstaak, sawol oan de kant fan fersmoargers as dy fan ôfnimmers fan grûnstoffen. Wêr mooglik soargje wy ek foar subsidzjes fanút Europa/Den Haag.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

35. Yn 2025 stelle wy in takomstfyzje foar de wetterketen fêst dêr't wy yn ôfprate hoe't wy omgean mei de needsaaklike renovaasjes yn kombinaasje mei ferduorsuming en de winsk om grûnstoffen werom te winnen
36. Wy stjoere by nijbou en renovaasje fan wenningboulokaasjes oan op reduksje fan rioelwetter
37. Wy sette mei oare wetterskippen aktyf yn op proefprojekten en ynnovaasjes rjochte op it weromwinnen fan enerzjy en grûnstoffen en it ferwiderjen fan probleemstoffen
38. Foar de slibferwurking kieze wy de oplossing mei de bêste resultaten op it mêd fan grûnstofweromwinning en miljeu
39. Fia lobby sykje wy oanfoljende finansieringsboarnen foar de suveringstaak, wêrûnder it (swierder) belêsten fan fersmoargers



# BIO- FERSKAAT



## BIOFERSKAAT

Bioferskaat draacht by oan ús kearntaken lykas wetter-kwaliteit en feiligens. Yn ús wurk, benammen by ús ynspannings foar de Kader Richtlijn Water, kinne wy faak sûnder ekstra kosten of muoite soargje dat it bioferskaat fersterke wurdt. Dat drage wy aktyf út en sette yn op tûke koälysjes en gearwurking om bioferskaat te befoarderjen. Sa wurkje wy gear mei gemeenten en bedriuwen oan it fergrutsjen fan bedriuwsterreinen en stedsk gebiet en mei de lânbou oan it ferbetterjen fan de boaiemstruktuer. Dat draacht by oan sawol it bioferskaat as oan in duorsum wetterbehear (kwaliteit en bergjend fermogen). Yn ús eigen wurk meitsje wy better sichtber hoe en mei hokker doel wy bioferskaat meinimme. Ek meitsje wy better sichtber wat de bydrage is oan bioferskaat.

Yn line mei it Utfieringsplan bioferskaat befoarderje wy ek op ús eigen grûnen de biodiversiteit, foarsafier't dat past by in ferantwurde útfiering fan ús wurk. Wy biede romte oan inisjativen fan treden rjochte op it fuortsterkjen fan bioferskaat, en heroerwage wy regeljouwing dy't inisjativen yn it paad stiet. In - beheinde - ynvestearring yn bioferskaat kin bydrage oan it ferleegjen fan behearskosten op langere termyn

Wy wurkje yn 2025 oan in beliedsnota behear floara en fauna. Dêryn beskriuwe we hoe't we effektyf en op ferantwurde wize mei alle floara en fauna omgean kinne. Yn it bysûnder geane wy yn op it behear fan eksoaten as de grutte wetternavel en de Amerikaanske rivierkreeft. Ek jouwe we omtinken oan bevers, otters en stikels, omdat ek dy skealik binne foar ús wetterkearingen.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

40. Oandacht foar bioferskaat is ûnderdiel fan en keppele oan ús reguliere wurk en draacht by oan in effektyf wetterbehear
41. Wy fiere it fêststelde ambysjedokumint en Utfieringsplan bioferskaat út troch:
  - › Kombinearre maatregels biodiversiteit – wetterbehear op te sykjen en te brûken
  - › Dêr fia ûnder oare it Deltaplan Biodiversiteit eksterne finansiering foar te sykjen
  - › Op eigen grûn en mei gemeenten en bedriuwen te wurkjen oan fergriening fan beboud gebiet
42. Mei lânbou gearwurkje oan it fergrutsjen fan it wetterbergjend fermogen fan de boaiem
43. Wy litte sjen hokker maatregels wy op it mêd fan bioferskaat nimme
44. Yn 2025 stelle wy in beliedsnota behear floara en fauna op



# DYK- FERSTERKING



## DYKFERSTERKING

As it om de primêre kearingen giet bepaalt de alliânsje fan Ryk en wetterskippen, it Hoogwaterbeschermins-programma (HWBP), it WAT en WANNEAR. Wy hawwe oan lanlike noarmen te foldwaan en ús dykfersterkingen wurde foar it grutste part betelle út de lanlike dijkeregeling. It HOE fan in dykfersterking kinne wy sels bepale, binnen de lanlike en wetlik fêststelde ramten (scope, planning en finansiering). De feilichheid fan de dyk is liedend. Elke dykfersterking is in langjierrich projekt, dêr't wy as wetterautoriteit gearwurkje mei belanghawwenden. Wy jouwe oare oerheden en partijen de romte om harren ynbring te leverjen yn 'e foarm fan gebietskennis en eigen winsken. Doel is it kreëarjen fan maatskiplike mearwearde. Tink bygelyks oan inisjativen op it mêd fan leefberens en rekreaasje of om koppelkânsen út lânbou en natuer wei. Wy kinne dy meinimme yn de útfiering fan it projekt salang't se meiliftsje kinne yn de planning fan it projekt en (op 'e tiid) in eigen finansiering oanleverje kinne.

It ôfwagen fan de belangen en dêrmei it beoardieljen fan winsken út it gebiet wei, sjogge wy mei klam as in rol foar it algemien bestjoer. Op dy wize kinne we as ien organisaasje de nedige dúdlikheid yn it gebiet jaan oer wat wol en wat net mooglik is.

Yn it finansierjen fan mienskiplike projekten hawwe wy ek sels it nedige húswurk te dwaan. As foarbyld jildt de Aanpak Grote Wateren (PAGW), in Ryksprogramma foar it mear natuerlik meitsjen fan de kust, dat wy keppelje kinne oan dykfersterking. Wy sykje om mear fan dit soarte fan Europeeske en lanlike programma's mei byhearrende finansieringsboarnen om dêrmei yntegrale gebietsprosessen in kâns te jaan. Dêrby sjogge wy ek nei de mooglikheden op it mêd fan ferduorsuming en ynnovaasje. It giet ommers net allinnich om it technysk fersterkjen fan in dyk, mar ek om in duorsume sirkulêre wize fan útfieren yn gearhing mei it omlizzende lânskip.

Wy hâlde omtinken foar de ûntwikkelings op lange termyn. Hoe giet rjochting it jier 2100 de kustbeskerming him ferhâlden ta natuerûntwikkeling (natuerlike prosessen), (ekonomyske) aktiviteiten en de beskikberens fan swiet wetter? Wy hâlde no yn ús wurk graach rekken mei dizze fiere takomst. Oarsom brûke wy ús kennis en ekspertize om ynfloed te hawwen op dy takomstplannen.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

45. Om dykfersterkingen hinne organisearje wy in gebietsproses mei romte foar gearwurking
46. Wy fersterkje ús rol as algemien bestjoer fia it yntinsivearjen fan de ynformaasje en beslútfoararming oer de útfieringsfarianten dykfersterking
47. Fia lobby sykje wy eksterne finansiering dêr't wy yn de dykfersterking winsken út de omjouwing wei en de klimaatferoaring op lange termyn mei nimme kinne



# FINÂNSJES



# FINÂNSJES

## FINANSJEEL BELIED

Wy wurkje mei jild fan de mienskip, opbrocht troch ynwenners, grûneigeners, natuerorganisaasjes en bedriuwen. Dat ferplichtet ús ta twa dingen: goed útlizze wat wy mei it jild dogge, en doelmjittich omgean mei it jild. Wy beseffe dat der mear jild nedich is as no beskikber om as wetterautoriteit ús wurk te dwaan, en om al ús assets (lykas gemalen, diken en suveringen) op peil te hâlden.

Tagelyk stribje wy nei in stabile taryfsûntwikkeling yn de perioade 2022 -2028 dy't sa ticht as mooglik de ynflaasje folcht. Yn de kommende petearen oer de Ramtbrief 2022 -2028 en de begutting 2024 bepale we hoe't we dat kombinearje kinne.

Yn algemiene sin hantearje wy de neikommende útgongspunten foar it finansjeel belied:

- › Kosten en opbringsten binne yn lykwicht, mei in slutende begutting sûnder 'realisearberheids-ôfname' en mei bettere stjoering op ûnderbestegingen en oerskriuwingen.
- › De tariven folge yn prinsipe de ynflaasje (de HICP fan de Europeeske Sintrale Bank ), of it moat wêze dat der mear stiging is, troch de bestjoerlike karren en in doelmjittige útfiering dêrfan, needsaaklik blykt.
- › As de kosten net dutsen wurde kinne troch de taryfstiging dy't winsklik achte wurdt, sette wy earst sa folle as mooglik de reserves yn, sykje wy dêrnei oanfoljende of alternative finansiering en heroerwage wy ta beslút kritysk alle útjeften.
- › Reserves binne, as soks nedich is, ynsetber foar

it tydlik dempen fan tariven en/of it dekken fan ynsidintele romtefregers salang't dy boppe de fêststelde noarm bliuwe fan € 5,8 miljoen foar wettersysteembehear en € 2,2 miljoen foar suveringsbehear (peil 2023 ).

- › Foar net-keartaken moat eksterne finansiering komme.
- › Wy aktualisearje ôfspraken oer de skuldeposysje, wêrby't wy bourinte, overhead op oeren en ynvestearrings < € 250.000 (peil 2022) fuort út de eksploitaasje betelje.
- › Yn de beguttingen 2024 -2027 hantearje wy in frijkskatting fan 100%.

Ein 2023 sille wy de nota Yntegraal Finansjeel Belied wersjen, basearre op dizze útgongspunten.

## KOFINANSIERING

Us lobby rjochting Den Haach en Brussel is in wichtich ûnderdiel fan it finansjeel belied. Wy sette yn op kofinansiering fan ús projekten en sykje dêryn gearwurking mei de provinsje en de Uny fan Wetterskippen. Wy hawwe de kommende jierren te krijen mei grutte en komplekse opjeften, allinnich al út de Ryksbrief 'Water en bodem sturend'. Dy't opjeften geane oer mear as wetter allinnich, en oerstige faak ek de finansieringskrêft fan ôfsûnderlike wetterskippen. Fia de lobby keppelje wy besteande Europeeske en lanlike budzjetten oan dy grutte opjeften, en sille wy ek ynsette op it beskikber kommen fan nije middels. Wy geane derfan út dat ûs ynset op lobby himsels werombetellet. Binnen de Unie van Waterschappen nimme wy ek ús ferantwurdlikheid yn it lûken fan in tal ûndersyks- en lobbydossiers.

## ROL ALGEMIEN BESTJOER

Wy wolle de rol fan it algemien bestjoer by grutte projekten fersterkje. Dat moat derta bydrage dat wy ús rol nimme kinne yn it jaan fan útlis yn de maatskippij, en wêr nedich it effektyf bystjoeren fan it projekt. Wy freegje it deistich bestjoer om te kommen mei ideeën dêroer. De ynstelling fan in ûnôfhinklike rekkenkeamer, ferplichte mei yngong fan 1 jannewaris 2024, kin dêr in rol yn spylje. Wy besprekke mei-inoar it wurkjen mei in eventuele auditkommisje. Dy kin in rol spylje by it op haadlinen en it útlisber hâlden fan de begutting en rekken. Ek kin dy in rol hawwe yn relaasje ta de rekkenkeamer. Graach sjogge we ideeën dêroer om de simmer fan 2023 hinne temjitte.

Wy stelle uterlik 2023 de ferdieling fan de kosten oer de kategoryen fêst foar de dêropfolgjende fiif jier.



## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

48. Wy wurkje mei in slutende begrutting en in strange stjoering op mei- en tsjinfallers.
49. Wy strjibe nei in stabile taryfsûntwikkeling yn de perioade 2022 -2028 dy't sa ticht as mooglik de ynflaasje folget. Mei ynset fan reserves en it finen fan eksterne finansiering drukke wy de taryfs- ûntwikkeling safolle as mooglik.
50. Wêr nedich binne wy kritysk op de útjeften.
51. Yn 2024 hersjogge wy it yntegraal finansjeel belied mei ôfspraken oer ûnder oare de skuldeposysje.
52. Wy hanthavenje yn de perioade 2022-2028 de frij-skatting fan 100%.
53. Wy wurkje út op hokker wize wy ús rol by grutte projekten fersterkje kinne.
54. Wy meitsje in neiere ôfwaging oer nut en needsaak fan in auditkommisje.





## WAT MEI IT KOSTJE?

Yn dit akkoart jouwe wy op in pear punten in nije ympuls. In oantal dêrfan is as folget rûsd:

- › Ynset regisseurs yn gebietsprosessen: foar elke situaasje rûsje en budzjettearje
- › Ynset op lobby: struktureel € 200.000,- opheging personielsbudzjet, betellet him op termyn werom troch ferleging útjeften yn projekten
- › Inisjearje plannen en projekten: 1% romte binnen de besteande ynvestearrings - en behear/ûnderhâld/eksplottaasjebudzjetten frijmeitsje
- › Bydrage oan maatskiplike inisjativen: 1% romte binnen de besteande ynvestearrings- en behear/ûnderhâld/eksplottaasjebudzjetten frijmeitsje
- › Nij konvenant Schoon Erf: neier te kalkulearjen, yndikatyf € 1 miljoen oer 4 jier
- › Natuerlike oandacht foar ynnovaasje: 1% romte binnen besteande ynvestearrings- en eksplottaasjebudzjetten frijmeitsje
- › Sterke posisjonearring bestjoer: struktureel likernôch € 200.000,- opheging budzjet bestjoer en stipe

De ferskate ympulsen wage we yn de Ramtbrief en Begrutting 2024 neier ôf, en bepale dan ek hoe't we foar dekking derfan soargje kinne.



# BESTJOER EN ORGANISAASJE



## BESTJOER EN ORGANISAASJE

### DUAAL WURKJE

Kwaliteit stiet foarop. Dat litte wy sels sjen yn hoe't wy as leden fan it algemien bestjoer ús rol ynfolje. Wy stelle ús duaal op en wolle mear gebrûk meitsje fan de mooglikheden ta eigen agindearring en ôfwaging. Wy ûndersykje wat dat betsjut foar de stipe fan it algemien bestjoer. Oan de provinsje hawwe wy ûntheffing frege foar db-leden fan bûten it ab en wy sille yn Uniferbân sykje nei mooglikheden om dat permanint te meitsjen. Mei yngong fan 1 jannewaris 2024 is in rekkenkeamer ferplichte. Dy sil ús helpe yn objektive analyses en ûndersiken. As tarieding dêrop stelle wy in wurkgroep yn dy neiere karren foar de ynrjochting dêrfan tariedt.

Begjin 2025 stelle wy in tuskentiidske evaluaasje fan de bestjoersperiode en de útfiering fan dat akkoart op. Op basis dêrfan is it mooglik dat wy ôfspraken en doelen wersjogge.

Wy sille wurkje mei in strategyske aginda foar it algemien bestjoer. Twa kear yn it jier meitsje wy dêryn ôfspraken oer dossiers dy't wy wichtich fine: wannear beprate wy it, hoe en mei wa. Wy freegje it deistich bestjoer dizze strategyske aginda yn juny 2023 foar de earste kear mei ús te bepraten, en dêrnei hieltyd yn desimber en juny te aktualisearjen. Wy ûndersykje neier de rol fan de agindakommisje, mei út in rol yn dizze strategyske aginda wei. Graach herkenne wy yn dy aginda de neikommende ûnderwerpen:

- › fêststellen Frysk Programma Landelijk Gebied
- › fêststellen Ramtbrief (finansjele koers)
- › fêststellen Blauwe Omjouwingsfisy
- › besprekke ynstrumintarium gebietsrjochte wurkjen

- (loket, fersnelling, eksperiminten)
- › fêststellen kostentadieling
- › kar slibstrategie
- › besprekken stimulearjen ynnovaasje (bestjoersopdracht)
- › fêststellen begutting 2024
- › besprekke lobby aginda (bestjoersopdracht)
- › besprekke data- en ynformaasjemanagement
- › it op 'e nij besjen klimaatprogramma (bestjoersopdracht)
- › It op 'e nij besjen oanbestegingsbelied
- › wersjen Wetterbehearprogramma en Peilbelied
- › evaluearjen en wersjen KRW oanpak
- › fêststellen Ramtbrief
- › wersjen yntegraal finansjeel belied (bestjoersopdracht)
- › fêststelle begutting 2025
- › fêststellen boezemplan (ynklusyf ûndersyk nij seegemaal)
- › fêststellen takomstfisy wetterketen (bestjoersopdracht)

### SICHTBER EN TRANSPARANT

Wy steane yn kontakt mei de maatskippij. Rjochting ús boargers binne wy in betroubere oerheid. Bestearde ôfspraken binne liedend. Dêr't oanpassing nedich is út evaluaasje, urginsje, ambysje, nije ûntwikkelings en kânsen, dogge wy dat yn ôfstimming mei belutsenen en mei each foar transparânsje en kommunikaasje. Wy hâlde inoar en oaren net ûnnoadich oan de praat en meitsje yn in ier stadium dúdlik (op basis fan eigendom, behear en ûnderhâld) oft lokale inisjativen op draachflak fan it Wetterskip rekkenje kinne. We ferbetterje de ynformaasjefoarsjenning, net allinnich foar ússels mar ek foar elkenien dy't ús ôfwagings folgje wol. Wy soargje dat wy sichtber binne op skoallen en by gearkomsten

yn buerten en regio's. De Jongereinried, dy't yn 2023 foarme wurdt, jouwe wy in passend plak yn ús beried. Wy fiele it as ús maatskiplike plicht om ús Nederlânske ekspertize yn it wetterbehear mondiaal ynsette te bliuwen, en om de kultuerhistoaryske wearde fan ús wetterskipswurk (erfgoed) te bewarjen. Foar dat lêste sille wy neiere ramten opstelle.

### KOLLEGIAAL BESTJOER

Yn it deistich bestjoer komt de kennis fan de praktyk tegearre mei de lobby en fisyûntwikkeling. Us deistich bestjoersleden sille as ferbiners op syk nei effektive wizen om wurk-mei-wurk te meitsjen. As kollegiaal team set it deistich bestjoer de nedige stappen om Wetterskip Fryslân in trekkende rol yn de mienskip te jaan: diedkrêftich en mei skerpte yn elkeniens rol en (finansjele) ferantwurdlikheid. Lykas by gebietsrjochte wurkjen beskreaun is soargje wy dat der finansjele romte is om ynhâld te jaan oan de belutsenens út de maatskippij wei.

### SOARCH FOAR MEIWERKERS

Yn de organisaasje herkenne wy kwaliteit yn de feardichheden en ekspertize fan de meiwurkers. We wolle in oantreklike wurkjouwer wêze en bliuwe, mei ekstra omtinken foar dejingen mei kennis en ûnderfining yn it gebietsrjochte wurkjen (lykas ús rayonbehearders, fergunningferlieners en hanthaveners). Sy binne ús foarhoedespilars, lizze de ferbiningen, meitsje saken mooglik en binne de earsten dy't útlizze moatte wannear't eat net mooglik is. Hja kinne allinnich har wurk dwaan mei goede stipe út belied wei. Wêr nedich soargje wy foar oanfoljende training en begelieding yn it fieren fan regy by komplekse fraachstikken.



Yn it wurkjouwerskip fine wy dêrneist de ferhâlding en kosteferdieling tusken eigen minsken en fleksibele ynhier wichtich, en it omtinken foar diversiteit en ynklusiviteit. Wy biede graach kânsen foar leartrajekten, (maatskiplike) staazjes en de bydrage fan frijwilligers. Wy sykje nei ynnovative mooglikheden hjirfoar.

## OANBESTEGINGS

Dizze oandacht foar diversiteit, mar ek omtinken foar de regionale bedriuwen, lûke we troch yn it wurk dat we oanbesteegje. By gebietsrjochte oanpak wurkje wy graach mei minsken en partijen út it gebiet om sa optimaal kennis en ûnderfining út it gebiet benutte te kinnen. Wy sille de nota oanbestegingsbelied op dat punt wersjen. Dêryn ferankerje wy ûnder oare ek ynnovaasje, ferduorsuming en sosjaal-maatskiplik ûndernimmen.

## FRYSK

Wy geane troch mei it Fryske taalbelied. Wy moedigje ús minsken oan om Frysk te praten en te antwurdzjen yn de taal dêr't wy yn oansprutsen wurde. Wy ûndertelje ús bestjoersgearkomsten yn de sprektaal. Op oanfraach jouwe wy in Fryske oersetting fan de ynformaasje dy't wy biede fia ynternet. Wy ûndersykje de mooglikheid om it .frl-domein te brûken.

## DIGITALE AGINDA

Wy fine it fan grut belang om ús data- en ynformaasje-management te fersterkjen. Untwikkelingen op dat mêd geane fluch en fergje oanhâldend alertheid oangeande cybersecurity, ynformaasjebefeiliging en privacy. Tagelyk is ús organisaasje noch dwaande mei in ynhel-slach op it mêd fan 'e ynformaasjehúshâlding en (fak) automatisearring. Wy binne noch net sa fier dat wy altyd sintraal beskikke kinne oer aktuele ynformaasje oer

bygelyks ús gemalen en wânen, of ús grûneigendom en de wearde dêrfan. Dy ynformaasje is wol needsaaklik om ús assets risikorjochte beheare te kinnen, om as bestjoer goede beslissingen nimme te kinnen en foar minsken yn it fjild om harren wurk dwaan te kinnen. Dêrby heart ús ynformaasje frij tagonklik te wêzen foar de maatskippij. Op in soad punten is dat al sa, mar we ha noch stappen te setten. Ut it algemien bestjoer wei foarmje wy in wurkgroep dy't yn byld bringe sil wêr't wy no steane, en de organisaasje helpe sil om de nedige ferbetteringsstappen te setten.

## YNNOVAASJE

We fine dat ynnovaasje in fanselssprekkend ûnderdiel fan ús wurk is, krekt as edukaasje. Dat binne gjin losse projekten dêr't wy ôfbeakene jild foar beskikber stelle, it is de romte dy't elke ôfsûnderlike meiwurker ûnderfine moat en nimme kinne om saken better en tûker te dwaan. Dit rint útien fan 'e technologyske ynnovaasjes by de suveringen ta sosjale ynnovaasjes yn it belûken fan minsken. Dêrby heart in fanselssprekkende gearwurking mei ûnderwiis- en ûndersyksynstellingen, en mei oare wetterskippen. Reguliêre budzjetten sille hjir genôch romte foar jaan moatte. Wy freegje it deistich bestjoer mei in neiere útwurking te kommen hoe't dy romte bean wurde kin, en hoe't wy nije kennis en ynsichten duorsum ynsette kinne.

## WÊR KINNE JO ÚS OP OANSPREKKE?

55. Wy stelle ús duaal op en bepleitsje binnen de Uny fan Wetterskip it stadichoan dualisearjen fan wetterskippen
56. Wy ferbetterje de ynformaasjefoarsjenning, foar ússels en de maatskippij
57. Wy ûndersykje neier de rol fan de agindakommisje
58. Wy stelle ramten op foar it behâld fan ús wetterskipsergoed
59. Yn it personielsbelied en by ynhier en oanbesteging hawwe wy omtinken foar ynklusiviteit en diversiteit
60. Yn 2024 sjogge wy it oanbestegingsbelied rjochte op gruttere ynset fan regionale bedriuwen
61. Wy bringe de ynformaasje oer ús assets op oarder foar it risikorjochte behear.
62. Wy soargje dat ynnovaasje in fanselssprekkend ûnderdiel fan ús wurk is.
63. Wy fergutsje de sichtberens nei skoallen en mienskip
64. Wy fersterkje it data- en ynformaasje-management.
65. Begjin 2025 hâlde wy in tussenevaluaasje fan dit bestjoersakkoart





